


De telegraaf


3

It liket yngewikkeld, mar dat *falt ta*. De telling hat in soad fan it tellen by tennisjen. Dat is ek logysk, want it tennisjen is *fuortkommen* út it keatsen. Wy telle by it keatsen mei twa punten tagelyk: 2 - 4 - 6 - 8 (=earst). Twa earsten neame wy in spul. Wa't it earst seis earsten hat (dus trije spul), is de winner fan de wedstryd.


Sjoch nei de ferskillende situaasjes op 'e telegraaf:




2-0 foar read




4-2 (en in keats)




6-2 foar read



It earst foar read



**3 om'e 1
en 0-0**



**5 om 5
en 6-6**

De telegraaf is yn Frjentsjer *útfûn* yn 1855. Dêrfoar moasten de spilers sels de stân byhâlde, mar deroer hien se dan ek gauris rûzje. En foar it publyk wie it ek net dúdlik wat de stân wie.

As in partoer in wedstryd wûn hat, ha se noch net daalk de priis. In keatspartij is altyd in toernoai dêr't meardere partoeren aan meidogge. Soms binne dat der tsien of *sechstjin*, mar inkeld dogge der ek wolris fyftich partoeren mei oan in partij. Wa't in partij winne wol, moet soms soms wol fiif of seis kear keatse. Ast witst dat in wedstryd soms wol in oere duorret, dan moatst wol in goede kondysje ha.



It keatsen einiget noait yn in lykspul.

Nei 5-5 en 6-6 ('alles oan 'e hang') folget de lêste slach.